MOASJE
(Artikel 34 Reglemint fan Oarder)

Ried d.d.:	5 july 2021
Underwerp:	Moasje: De Gemeenteried yn posysje bringe by it saneamde 'Deltaplan voor het Noorden'.
	Underskreaune(n), lid fan de Ried fan de gemeente Opsterlân, heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat • It Deltaplan Noard-Nederlân in grutte ynfloed ha kin op tal fan beleidsterreinen lykas: ynfrastruktuer en mobiliteit, wenjen, wurkjen, romtlike oardering, natuer en lânskip en de sosjaal-ekonomyske en sosjaal-kulturele struktuer fan ús gemeente; • Dizze aspekten om besprek, iepenbier debat en politike ôfwaging en beslútfoarming freegje
	fersiket it kolleezje • de Ried rom op 'e tiid te ynformearjen oer de planning fan mooglike ferfolchstappen; • de Ried foarôf te ynformearjen en te hifkjen oer alle grutte folgjende stappen, ûntwikkelingen of bestjoerlike besluten dy't te krijen hawwe mei it ferfolch en ynhâldlik útwurkjen fan it Deltaplan-Noard Nederlân, sadat de Ried dêroer it iepenbiere debat fiere kin; • ûnderdielen dy't yn de ynhâldlike útwurking in politike kar fereaskje yn alle gefallen foar beslútfoarming oan de Ried foar te lizzen; • dit yn alle gefallen te dwaan foardat it kolleezje op basis fan dy ynhâld fierder ûnderhannelje sil mei Provinsje en Ryk;
Namme en	Harm de Jong, FNP Opsterlân Henk Hoen, BAS Elske Beintema, Groen-Links Opsterlanders René Koopmans, D66

Dizze moasje is …….. yn de riedsgearkomste fan .....

....., griffier.